

Liturgy foar de tanktsjinst
wêryn wy it libben betinke fan

Swaentsje Kroes-Bouma

☆ Nij Beets,
17 oktober 1938

† Ljouwert,
11 juny 2026



Foargonger: ds. Reinier Nummerdor
Ut namme fan de Kleastermienskip: Gea van Wieren
Oargelist: Hains de Vries

OARGELMUZYK

STILTE

FAMYLJE SJONGT: LIET 'AS IN MOSK YN IT SÂN'

(TEKST: FEDDE SCHURER MUZYK: HINDRIK VAN DER MEER)

Wille (Fedde Schurer)

Op muzyk fan Hindrik van der Meer

De mosk yn 'e moudige reedsjes
is gjin dei fan syn fretten wis
mar net ien fan dy skiere proleetsjes
dy't by God fergetten is.

Ferjou my, myn freonen en sibben
mei jim soarch en alwittend ferstân.
dat ik yn dit fûgelfaai libben
my fermeitsje as in mosk yn it sân.

KOARTE ÚTLIS

SJONGE MEI-INOAR: LIET 280 FERS 1,2,3 EN 7 'FERTRIET DAT LIEDT ÚS NEI DIT HÛS'

¹ Fertriet dat liedt ús nei dit hûs,
hjiir komt ús 't wurd benei.
God ropt syn namme út oer ús,
wy sjonge fan syn dei.

² Dit hûs fan hout en stien, dat lang
oerlibbe stoarm en striid,
hjiir rûzje noch gebed en sang
fan 't folk út earder tiid.

³ In hûs, dat alle spoaren draacht
fan minsken, wif en tear;
de pyllder, 't hiele hûs ta skraach,
woll' Jo dy wêze, Hear?

⁷ Dit hûs slyt lykas wy, mar wa't
hjiir feilich skûlplak fûn
wurdt bliuwend op syn libbenspaad
wer moed en sterkte jûn.

KEARS OANSTEKKE FOAR JAN HINDRIK

GEBED MEI WOLKOM

LÊZE: 'SÛNDER LEAFDE BIN IK WEI'

SJONGE MEI-INOAR: LIET 791 FERS 1 EN 2 'LEAFDE, FOAR DE TIDEN BERNE'

1 Leaf-de, foar de ti-den ber-ne
as jo wurd fan 't oan-be-gjin,
leaf-de, wol ús hert be - wen-je
as ge-heim en se - ge-ning.

² Leafde dy't ta ús him kearde,
fonk dêr't libben oan ûntspringt,
machtich wapen tsjin it kweade,
lêste wurd dat frede bringt.

HERINNERINGEN OAN SWAENTSJE

SJONGE: LIET 791 FERS 4 EN 6 'LEAFDE, FOAR DE TIDEN BERNE'

⁴ Leafde wol himsels net sykje,
mar bloeit op troch goede trou.
Op it fûnemint fan leafde
ha Josels ús libben boud.

⁶ Leafde boppe alle leafde,
himelhege tinte-oer elts,
wol ús mei jo ljocht genêze,
leafdeboarne, leafde sels!

HERINNERINGEN FAN 'E BEPPESIZZERS

SJONGE MEI-INOAR: LIET 422 FERS 2 EN 3 'LIT DE WURDEN'

2 Lit ús wit - te,
nea fer - jit - te,
Jo haw-we ús fer-sein:
séf - te krêf-ten kin - ne
al - le macht oer-win - ne,
fre - de sún-der ein.

The image shows a musical score for a song. It consists of six staves of music, each with a treble clef and a key signature of one flat (B-flat). The lyrics are written below the notes. The first line is '2 Lit ús wit - te,'. The second line is 'nea fer - jit - te,'. The third line is 'Jo haw-we ús fer-sein:'. The fourth line is 'séf - te krêf-ten kin - ne'. The fifth line is 'al - le macht oer-win - ne,'. The sixth line is 'fre - de sún-der ein.' The music ends with a double bar line.

³ Lit ús hoopje,
bidde_en hoopje,
dat de leafde wint
en dêr dan by bliuwe,
libje út it leauwe
dat Gods ryk begjint.

LÊZE: LUCAS 10 FERS 25 – 28

OERTINKING

MUZYK

TANKGEBED – MOMINT FAN STILTE

FAMYLJE SJONGT: 'GOD FAN FIER EN HEIN ÚS HEIT' (LÊSTE 2 KÛPLETTEN MEI-INOAR)

Famylje

¹ God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

² Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

³ Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Mei-inoar


⁴ Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

⁵ God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

TANKWURD ÚT NAMME FAN DE FAMILJE

MEIDIELINGS

UTDRAGE: WY SJONGE SWAENTSJE TA: LIET 421 'FREDE FOAR DY'



Fre-de foar dy, fre-de foar dy, fre - de foar dy. —

Fre-de foar dy, fre-de foar dy, fre - de foar dy. —

The image shows two staves of musical notation in 6/8 time. The first staff has a treble clef and a key signature of one flat (B-flat). The melody consists of eighth and quarter notes. The lyrics 'Fre-de foar dy, fre-de foar dy, fre - de foar dy. —' are written below the first staff. The second staff has a bass clef and the same key signature. It follows the same melody as the first staff. The lyrics 'Fre-de foar dy, fre-de foar dy, fre - de foar dy. —' are written below the second staff. The piece ends with a double bar line.

*De earste adem mei myn wêzen, krige ik fan de Skepper.
Wûnder heimnis is Jo namme.
En no jou ik de lêste adem mei myn ik wer werom.
Tankber dat ik hjir sa lang wêze mocht en dat ik fan it begjin
oan 'e ein ta, altyd leafde om my hinne hie.*

Swaentsje